

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 37 nûmer 6

maart 2007



Redaksje:

Aant Hofstra
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema
Gerard van Asselt
Silvia Hania

Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels
Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731 C L Wommels
Dobbelaan 6, 8734 GZ Easterein
Foarbuorren 17A, 8734 HD Easterein

tillefoan:

0515-332364
0515-332482
0515-331444
0515-333295
0515-332181
06-18948689

Bestjoer:

Douwe Dirk Reitsma	Smidslân 11, 8734 HJ Easterein
Immie Kamstra	Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard
Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Andre Vink	De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Sietske Okkema	De Singel 15, 8734 HP Easterein
Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Koos Plantinga	De Singel 24, 8734 HR Easterein
Enne Jeh. Bruinsma	De Singel 12, 8734 HR Easterein
Roel Sijbesma	De Singel 17, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332500
0515-332149
0515-332570
0515-333134
0515-332221
0515-332245
0515-332448
0515-332013
0515-332186

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat
2^e ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen. / Technyske saken

Jongerein-kommisje:

Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Anco Elgersma	Kon. Wilhelminastraat 90, Snits
Fokje Breimer	Greate Buorren 13, 8732 EE Kûbaard
Pieter Groenveld	it Stalt 5, 8731 EA Wommels
Anne Hallema	De Singel 19, 8734 HP Easterein
Syb Overal	De Streek 30, 8734 GR Easterein

tillefoan:

0515-332245
0515-851324
0515-331330
0515-333927
0515-332928
0515-331830

funksje:

Foarsitter
Algemien lid
Skriuwster
Algemien lid
Algemien lid
Algemien lid

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Marco Hoekstra	0515-332331	Voorzitter
Ab Scheepvaart	0515-332604	Secretaris
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur
Klaas Okkema	0515-332221	Coördinator D-pupillen en keepers
Gert Jan Hiemstra	0515-331014	Coördinator C-junioren
Klaas de Haan	0515-332182	Coördinator B-junioren
Marco Hoekstra	0515-332331	Coördinator A-junioren

Emailadressen

Douwe Dirk Reitsma foarsitter
Jappie Wijnia foarsitter jongerein

douweenjetreitsma@hetnet.nl
jaja@hetnet.nl

Sponsorkommisje

Enne Jeh. Bruinsma	Shirtsponsoring	ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes	Contactpersoan Treffer	
Ype Tiemersma	Reklamebuorden	
Wichard Deinum	Wedstrydsponsors en freonen fan SDS	
Rinse Joustra	Sekretaris	

Aktiviteitenkommisje

Oebele Anema	Klaas Okkema	Eke Sybesma
Geert Hiemstra	Gatske Hiemstra	Annie Sjaarda

Wedstriidsekretariaat

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	famviea@hetnet.nl
---	-------------	-------------------

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiwer	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872
Harm Bergsma	Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476

tillefoan:

Konsul:

Pier Faber,	't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein	0515-331750
-------------	-----------------------------------	-------------

Bankrelaasje:

34.95.01.033	Rabobank Sneek -ZuidwestFriesland.
--------------	------------------------------------

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besorging Treffer:

Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 54,00	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 38,95	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 92,95	it healjier
A- en B-junioren:	€ 42,90	it healjier
C-junioren:	€ 36,15	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 29,45	it healjier
F-pupillen:	€ 25,55	it healjier
foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden en freonen fan SDS is de tagong fergees.

Stipers

Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Wichard Deinum (till. 0515-331572).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde. Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: www.vv-sds.nl


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

22 maart 2007

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan ‘e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl



Fan de redaksje



Drok, drok, drok! Yn dizze tiid hawwe wy it allegear drok. As je it net drok hawwe dan kloppet der iets net. Wy meie it allinnich nea te drok hawwe om tiid oan ús hobby's te besteden. Ien fan ús grutste hobby's is fansels fuotbaljen. It leafst noch op strjitte mei oan beide kanten 2 jassen as goal. Jammer genôch kin dat net mear. It moat tsjintwurdich op in fuotbalfjild of yn de seal. Neat mis mei, mar dan moatte der ek klaaiboksen wêze, dizze moat skjin wêze, it fjild moat der kreas by lizze, de sjurtsjes moatte strutsen, de bal moat rûn wêze ensfh. Ek lesse

wy nei de wedstryd wol in gleske(leaver fleske) bier en wat bitterballen.

De regering leit ús ek allegear restriksjes op. Sa moat de kantine oan allegear easken foldwaan. De keuken moat skjin en netsjes, de frijwilligers in horeka-diploma, de romte brânfeilich ensfh. Dit alles kostet ek noch wol wat sinten.

Om efkes in potsje fuotbalje te kinnen moat der dus noch al wat gebeure. Sûnder minsken dy 't dit allegear foar ús dwaan wolle kinne wy net fuotbalje. Hooplik sjocht in eltsenien dit yn en soargje wy der meiinoar foar dat der folgend jier in prachtige “kantine”(multi-funksjoneel sintrum) stiet, de jeugd folop fuotbalje kin, dat der in frouljusteam fuotbalet, dat Easterein-Wommels in manifestaasje wurdt en dat it SDS-jubileum slagget. Hey Ho Let's Go!!!!

(WW)

Ynhâldsopjefte

<i>Fan it bestjoer.....</i>	<i>5</i>
<i>Ofskie nimme fan....Remco Brouwer.....</i>	<i>6</i>
<i>Vrijwilligers gezocht.....</i>	<i>7</i>
<i>It ljocht op in sponser.....</i>	<i>8</i>
<i>SDS 5 dunkt en rockt</i>	<i>9</i>
<i>Griis hier, búkjes en noch genôch testosteron</i>	<i>10</i>
<i>Easterein – Wommels op freed 24 augustus om 19.00!</i>	<i>11</i>
<i>Ut de âlde doaze.....</i>	<i>12</i>
<i>Oan't wurd.....</i>	<i>13</i>
<i>Voetballers als chippendales</i>	<i>15</i>
<i>Doelpuntenmakers 2006-2007</i>	<i>16</i>
<i>Fan de skeids (60)</i>	<i>17</i>
<i>Standen futsal.....</i>	<i>18</i>
<i>F'kes traine by de Poeisz.....</i>	<i>19</i>
<i>Dukatenaksje bij Poiesz</i>	<i>20</i>
<i>SDS D1 wint KNVB Futsalcompetitie</i>	<i>21</i>
<i>SDS League</i>	<i>24</i>
<i>Actie nieuw Verenigingsgebouw Easterein</i>	<i>25</i>
<i>Yndieling jeugd foarjierskompetyse.....</i>	<i>27</i>
<i>Trefferkes.....</i>	<i>29</i>
<i>Agenda.....</i>	<i>32</i>

Froulju's trainen

Wolsto miskien ek op fuotbal mar wolst earst ris sjen of it leuk is? Elke tiisdei om 18.00 oere traine de froulju fan SDS. Kom gerust langs om in proeftraining mei te dwaan.

Fan it bestjoer



SDSers. Yn it nummer fan jannewaris is al in hiel stik oer frijwilligers skreaun, it is net sa dat der no minder frijwilligers binne as

tsien jier werom. We ha gewoan mear frijwilligers noardich as tsien ier werom omdat we altied wer ferbetteringen trochfiere wolle. Hie elk team foarhinne in lieder no hat elts team twa lieders sadat je net eltse sneon hoege. Sponsering is jierren troch ien man dien no is der in sponserkommissje mei 5 man. Sa is der in T.C. kommen in aktiviteiten kommissje in jubileumkommissje en soenen we út leafst sjen dat alle teams fan de D's ôf twa kear wyks trene. Dit jier hat SDS far it east meidien oan de jeugdfutsal kompetysje en foar eltse aktiviteit bin frijwilligers nedich om al die frijwilligers te finen is wol ris dreech. wij bin der fan oertsjûge dat se der wol binne. Om út te finen wa wat dwaan wol

as frijwilliger komt der ynkoarten in brief nei alle **“seniorleden, A's en âlders fan jeugdleden”**. Elts kin dan oanjaan wat jo wol foar de klup dwaan wolle. De brief moat ferplicht weromstjoerd wurde sadat at der in frijwilliger nedich is der doelbewust frege wurde kin.

Ek docht SDS alle war om it frouljufuotbal nij libben yn te blazen op dit stuit bin der 13 oanmeldings (19-02-2007) at der 18 oanmeldings binne gean we der foar mei in alftal al moat dan noch wol sjoen wurde yn wat foar klasse. Dit is ôfhinklik fan de leaftheid fan de leden. At der net mear leden bijkomme gean we yn oerlis mei de froulike leden om mei in **7tal** te begjin. De doelstelling is om mei in **11tal** in de kompetysje mij te dwaan dus froulju wol jim meidwaan kom ris op proef meitreinen op tiisdei om 18.00 oere.

Mei freonlike groeten

Enne

Nije leden

Ek dizze moanne hawwe wy by SDS wer wat nije leden krigen. Dit binne se:

Kees van der Horst(Easterein) F-pupil

Jeska Terpstra (Easterein) F-pupil

Sytze de Boer(Wommels) E-pupil

Robin Plas (Rien) E-pupil

Annewil Zijlstra (Wommels) dames elftal

Jammer genôch binne der ek in pear opsizzingen:

Joris de Jong

Stefan van der Velde

Jiryan Bischoff

Ofskie nimme fan....Remco Brouwer



Hast ûngemurken is Remco Brouwer (29 jier) út it byld ferdwûn fan SDS. Ein ferline jier kaam dan ek net alhiel ûnferwachtst de meidieling dat hij lid ôfwurden is. Foar ús in reden om efkes mei him yn petear te gean oer it hoe en wêrom.

Wêrom stoppe?

Ik bin stoppe trochdat ik in groanyske ankelblessuere ha. Der soe in operaasje plak fine moatte om it op te lossen en dêr haw ik gjin sin oan. Ik haw der gewoanwei ek gjin lêst fan útsein at ik mij beweech om net flakke ûndergrûn.

Wannear blessuere oprûn?

“Ik haw de blessuere oprûn mei it trainen. Bûten traine koe net en wij tûgen doe ûnder lieding fan Lykle Bleekveld nei de Trije yn Frjentsjer. Dat is mij dus min bekommen

Altyd doelman west?

Yn de earste jierren bij SDS net. Mar yn Wommels bij ûnderlinge potsjes stie ik wol altiten op doel en doe’t der in keeper ophold bij de B’s of sa, doe fregen se mij.

Seagen se dyn talint?

Nee, yn it fjild koenen se neat mei mij.!!!

Moai tiid hân as doelman ?

Absolút, it wie in prachtige tiid. Bin der ek grutsk op dat ik dat meimakke haw. Kampioen wurde yn de twadde klasse en in diel fan it seizoen doelman yn de earste klasse. Ek al ferlearen wij dan hieltyd, dôchs wie it in moaie tiid.

It hichtepunt?

Dat wie de kampioenswedstriid tsjin ONT yn de Pein. Dat wie fansels prachtich om foar safolle minsken dat drege kampioenskip yn de twadde klasse te heljen.

Wie it dreech om it beslút te nimmen?

Op dit momint net echt mear. Ik haw earder lange tiid blessearre west en dan wen je suver al oan in frije sneon. De ôfstân wie der al wat. Boppedat, ik wenje yn Dronryp en it wie fansels altyd wol wat in geflean en dat mis ik seker net!

Wat no?

Ik wie troch dat ik net mear trainde al 7 kilo oankommen. Dus haw ik besletten om it fitnesssen op te pakken. Dat foldocht goed.

En it keatsen?

Ik sil besykje al wer te keatsen kommende simmer, mar kin troch dizze blessuere perfoarst net op slaan. Ik wit ek net at it sa wie sa wol slagget. Mocht it sa wêze dat ik it hiele seizoen mei it keatsen gjin lêst haw dan kin ik myn beslút om te stopjen altyd nochris yn oerweging nimme.

Ferwachtings foar SDS?

Sa'n moaie jonge groep, dy moat mei wat wil fan elkenien seker boppe yn de twadde klasse meidraaie kinne. At se it allegear mar wolle!

(ah)



Vrijwilligers gezocht

Het zal niemand ontgaan zijn dat er de laatste tijd veel gebeurd rondom de skoalleseize met betrekking tot de bouw van de berging en de voorbereidingen voor de nieuwe kantine.

Het zal de komende weken heel erg druk worden om de verhuizing naar de tijdelijke kantine(berging)goed te laten verlopen.

Er zijn vele vrijwilligers nodig om dit voor elkaar te krijgen.

Natuurlijk beroepen wij als skoalleseize ons op onze vaste vrijwilligers voor hulp.

Maar er zijn vast ook vele anderen welke wij nog niet gevraagd hebben om te helpen, maar die dat best zouden willen.

Wij roepen hierbij die mensen op om even te bellen met Feike Jorritsma 0610602681 of Hans Kooistra 0620029049 om aan te geven wanneer ze tijd hebben of voor vragen welke werkzaamheden gedaan kunnen worden.

Zonder vrijwilligers kunnen wij dit niet voor elkaar krijgen !!!!!!!

met vriendelijke groet;

Bestuur stichting Skoalleseize

It ljocht op in sponser

Sûnt medio desimber is it behear fan ús webside yn hannen fan Freez.it. Hjirneist is dit bedriuw út Boalsert ek ien fan de stipers.

Âld Wommelser Wouter Jorritsma is ien fan de oprjochters. Begjin septimber binne hy en syn 2 kollega's fan start gien. Earst fan út hûs. Yn oktober is der op it bedriuweterrein de Marne in kantoarromte yn gebrûk naam.



Freez.it Automatisering & Internetdiensten hat it doel om betelbere en profesjonele oplossingen te bieden oan lytse oant middelgrutte bedriuwen en ynstellingen yn Noard – Nederlân. It plan fan oanpak is om ta IT oplossingen te kommen wêrby sawol kwaliteit as betelberens foar op stiet. Freez.it makket hjirby gebrûk fan A merk komponinten en oplossingen. It giet goed mei it bedriuw, de konneksjes opdien út eardere tsjinstferbannen binne bleaun en ha laat ta in moaie 'orderportefeuille'. Mar der is ek al flinke tsjinslach west. In oantal wiken nei de iepening is der ynbrutsen en is in protte apparatuer mei naam.

‘Lokkich genôch wienen we gjin data kwyd, it gefoel fan dat der immen yn dyn kantoar west is miskien noch wol it minste’. Yn’e mande mei de oare bedriuwen binne se no dwaande mei kollektive bewaking en dat wurket goed.

De krêft fan it bedriuw leit neffens Wouter yn harren fleksibeliteit en it persoanlike kontakt mei de klant. De linen binne koart. Derneist ha se mei har trijen al in skat oan IT ûnderfining. Troch efen te strunen op de side: www.freez.it kinne je in goed byld krije fan wat it bedriuw de klant te bieden hat. Op it gebiet fan Automatisering en Internettsjinsten liket gjin nee te keap. De side sjocht der oersichtlik út. In goede side moat neffens Wouter oan in oantal saken foldwaan: ‘de side moat goed lêsbere wêze, regelmjittich nijs der op en de ynformaasje dy’t je sykje moat rap te finen wêze. In goed foarbyld fan dit alles is fansels de side fan SDS!’

Ta beslút ha we it noch oer it nije programma fan Windows, Vista. Neffens Wouter is dit foaral in, opskjinne ferzje fan syn foargonger XP.

‘De befeiliging is better en it sjocht der allegearre wat ‘gelikter’ út. Net mear en net minder’. Dat skeelt wer, mei XP kinne we it dus noch wol in skoftke Úthâlde!

Sjoch foar al jimme fragen op it gebiet fan automatisearring en internettsjinsten dus op www.freez.it

(SvB)

SDS 5 dunkt en rockt

In lange winterstop is net goed foar it groepsgemoenskip dus hie lieder Klaas Okkema betocht dat de mannen fan SDS 5 der mar ris in jûntsje mei elkoar tuskenút moasten. Dat wie fansels net tsjin dôven sein, want de 40 tigers en 50 tigers dy wolle der ek wolris op út. Op 10 febrewaris moast Woon Aris, in basketbal klup út Ljouwert thús spylje en dat waard it doel.



It KNMI hie fergetten in waaralarm ôf te jaan, want it snijde minstens 20 flokken yn it oere. Yn dizze swiere omstannichheden waard it Kealledykje op tiid berikt en koe mei ferbazing sjoen wurde hoe't it ta giet bij dizze sport. It earste wat bij ús opkaam wie: Kin dy freeslike muzyk ek wat sêfter. Wij begrepen no ek wol wêrom de measte minsken krekt foar achten binnen kamen, want at je gjin pine é holle hiene, dan krigen je it gelyk.

Wat ek op foel wie it feit dat it ien grutte sjow wêze moat. Ljochteffekten, spesjale muzykjes bij alles wat er bart en kommentaar bij alles. Dat lêste wie foar de fuotballers fan SDS wol aardich want wat wisten sij fan in airball, in alley oop pass, in back door, in buzzer beater, in cut, in downtown of in elbow. Mar geandewei de wedstryd waard it allegear dúdlik. It draait bij basketbal foaral om balgemoenskip want neist de warmingup, de 4 helten wie men sels yn it skoft ek dwaande mei de bal.

Basketbal is in Amerikaanske sport en de ynfloed bij Aris wie ek dúdlik oanwêzig: hast allegear donkere Amerikanen, mei lange sokken en broeken dy't harren oan de kont hingje



en dy't hjir in jierke spylje en en dan wierskynlik wer fierder op syk binne nei jild en sukses. Dy útstrieling hie it ek: Der strielde gjin klupgemoenskip út. Wij seagen dit hast allegear fanôf de tribune. Allinne Klaas Visser hie in skyboks reserveard en sa no en dan krige Klaas selskip fan ien of mear ploechgenoaten om efkes in sapke mei te drinken. Dat der fleskes te krijen wiene makke foar sommigen de jûn al goed en hie dan ek in stimulearende wurking om je sa no en dan efkes werom te lûken yn de boks fan Klaas.

De wedstryd wie spannend, mar dat hindere de kommentator net, om mei noch 2 minuten op de klok te gean, om te roppen dat der noch altiten gjin waarmalarm wie, mar dat it no ek izele. Aris wûn en de freugde fan de spilers sille wij nea ferjitte: sij sjokten nei de klaaikeamer.

Mei pine holle fan dy k.t.muzyk sette de ploech ôf nei Easterein wêr't SDS 5 spiler Folkert Rients Vellinga mei oare Eastereinder Rockers bettere muzyk yn petto hiene. De pine holle gie spontaan oer yn in licht gemoenskip fan jeugdigheid mei songs fan Neil Young, Van Halen, Bruce Springsteen en Guns en Roses.

En at wij Folkert Rients as maat nimme foar hoe't it stiet mei de kondysje fan de SDS- fivers dan sit it wol goed.

En sa gie elk op syn tiid en yn syn eigen omstannichheden wer nei hús.

“Eastein is it Volendam fan Fryslân”, sei in Eastereinder oan de ein fan de jûn tsjin my. Ik wie it efkes mei him iens, mar doe't ik bûten op syk gie nei in kreamke mei in breadsje iel of hearring, moast ik op dy wurden werom komme. Ah

Samar in wedstryd Griis hier, búkjes en noch genôch testosteron!

It is sneon en de middei is noch jong. Achter de kantine fan de sportfjilden fan SDS drave in grut tal mannen op leeftyd troch it fjild as wiene se noch fyftjin. It binne de saneamde 'oudere jongeren' fan ús feriening. Sa no en dan hellet in jonge spiler de gemiddelde leeftyd aardich nei ûnderen ta. Jo sjogge grize hierren, shirtsjes dy't strak om de búkjes hinne sitte en fanatike koppen. Ien spiler is yn de twadde helte noch net hielendal wekker; de broek sit eftersefoar om de kont hinne.

It is moai waar, dy 17e febrewaris, dêr sil it net oan lizze. It fyfde fan SDS spilet tsjin it fyfde fan Scharnegoutum '70. As jimme ferslachjouwer oankomt by it fjild, binne de mannen al los. Wa't der op rekkene hie dat it net fuortdalik fjoerwurk wêze soe, sit hielendal ferkeard. Noch foar't it publyk it ek mar yn de gaten hat, sitte der al in pear ballen yn de goal. It sil in legendaryske wedstryd wurde.

De iene nei de oare bal wurdt it yn it net prikt, skopt of kopt. De stân

by rêst is al 7 – 1 yn it foardiel fan SDS. De mannen fan Scharnegoutum '70 ferlitte it fjild mei de moed yn de skuon. Se moatte noch in helte fuotbalje tsjin dit superteam!

Nei de tee giet de pot fierder en wa't tocht hie dat it no wol dien is, hat it mis. De fanatike koppen binne net minder fanatyk wurden.

Wittenskippers sizze dat it testosterongehalte by mannen ôfnimt

as sy âlder wurde. Fan 'e middei is dat folslein oars. Dizze mannen hawwe likefolle testosteron as dy jongkeardels fan 15. De skeids fielt dat ek. Net lang foar de ein fan de wedstryd, spatte de mannen fan Scharnegoutum '70 op as de skeids in yn harren eagen ferkearde beslissing nimt. De frustraasje wurdt ôfreagearre op de skeids en

de tsjinstanner. Ien fan de assistint-skiedsrjochters is der ek al mei opholden. Hy fynt dat de skiedsrjochter net nei him lústeret en is fan betinken dat er der dan ek wol mei ophâlde kin.

Koart sein, in net al te spannende fuotbalwedstryd, mar wol genôch om nei te sjen! De einstân wie 12 – 2. De mannen fan it fyfde kinne dêr noch wol efkes mei foarút!

(SH)



Ien fan de spilers fan Skearnegoutum mei in fleispriis nei de tiid by it draaiend rêd.

Easterein – Wommels op freed 24 augustus om 19.00!

Set it fêst yn de agenda! Op freed 24 augustus sil “The Battle of the Greidhoeke” Easterein - Wommels spile wurde. De wedstryd begjint om 19.00 oere.

Foar in soad SDS’ers sil dizze wedstryd miskien wol de wichtigste wedstryd fan it seizoen wêze. Der sil striden wurde om in grutte wikselbeker, mar de eer is miskien noch wol folle wichtiger.



Easterein sil koacht wurde troch Klaas Okkema mei help fan Freddie Scheltema. Sy hawwe no al geregeld kontakt oer de te folgen taktyk. Fansels net alinnich de taktyk, mar ek de psychologyske oarlochsfoering dy ‘t no al begûn is. Grutste klapper tinke sy Wommels al tabrocht te hawwen mei it binnenheljen fan Ype Tiemersma yn Easterein. Ek it fuortkapen fan Anne Brouwers “oogappeltje” Jan Stenekes nei Easterein wurdt sjoen as wichtige stap nei de oerwinning. Ommers gie Jan ea net júst fan Itens nei Wommels en wurket hy by Anne Brouwer yn de Jimbar. De Jimbar wurdt ek wol sjoen as it “spelershome” fan Wommels. Jan sil eksakt op de hichte wêze fan wat der yn Wommels allegear

spilet.

Klaas en Freddie hawwe ek regele dat der yn Wommels rûn de fiifer by it fuotbalfjild húzen bout wurde. Sa hawwe de Wommelsers gjin fjild om te trainen.

Wommels sil koacht wurde troch Anne Brouwer mei (in bytsje) help fan Willem Wijnia. Anne is al jieren oan de gong mei de tarieding op dizze wedstryd. Hy as âld-Lollumer wit hoe ‘t it is om sa ‘n

derby te spyljen. Sels stie hy ea by Lollum yn de basis tsjin Waaksens. Dêr wurdt no noch oer praten.

Anne hat yn de rin fan de jieren al aardich wat spilers nei Wommels helle. Hy sjocht wat mear nei kwaliteit en docht net mei oan de psychologyske oarlochsfoering fan Easterein. Hy helle Hendrik de Jong en Anne

Stenekes nei Wommels. Ek gie hy foar Ate Feike de Boer fan Nijlân. Salang as hy net lid is fan SDS sil Ate Feike allinne net meifuotbalje kinne by Wommels.

Anne hat Ate Feike wol bereid fûn om der foar te soargjen dat de Terp yn goeie steat is sadat de Wommelsers hjir fan ‘t simmer goed op traine kinne. It spilershome(de Jimbar) kin dan ek optimaal brûkt wurde wat mei namme de “teamgeest”te goede komme sil.

De kommende tiid sille jim op de hichte hâlden wurde fia de Treffer en fansels de webside(www.vv-sds.nl).

(WW)

Ut de âlde doaze



At je kampioen waarden
, dan kaam de VW bus
mei dûbele kabine en in
lytse laadromte der oan
te pas om it hiele team
troch Easterein te lieden.
Fansels waar der flink
toetere

Wa hat noch
herinneringen oan dizze
gouden tiden. Jou it
troch oan ien fan de
redaksje leden fan dizze
Treffer.



Oan't wurd.

Sy is de
takomst foar
de famkes
fan SDS.
Sels is sy de
stjerspylster
fan ONS
Snits. Wy
bin dit kear
yn petear
mei de faam fan Pieter Kamstra.
Akke Rixt Zijlsling!!!



Akke, kinst do my earst fertelle hoe ast do yn Easterein bedarre bist??

Inkele jierren lyn, learde ik Pieter kinnen yn Cafe Bergsma. Doe it allegear wat serieuzer is wurden, bin der plannen makke om tegearre yn ien hus te gean wenjen. Yn Easterein kaam der in huske frij. Pieter hie gjin nocht om nei Snits te ferhuzjen. Doe ha we besluten om nei Easterein te gean. Hjir wenje wy no al wer 1,5 jier en noch steeds mei protte wille. Sels kom ik noch wol in soad yn Snits, dit komt ek omdat ik der myn wurk, foatbal en freunen ha. Maar, ik fiel my hjir goed op myn gemak yn Easterein.

Hoe sjocht dyn normale wurkwike der ut??

Ik ha de opleiding SPH dien. Hjir ha ik net in folledig baan by fiene kinnen. Ik ha in feste baan yn it siekenhus fan Snits by it serviceburo. Hjir komme alle meldingen, storings en klachten die sich yn it siekenhus ofspylje. Ek planne wy fegaderingen die sich deiljyks ofspylje en de derby hearende catering en audiovisuele middelen. Derneist wurkje ik as gesinsbegeleidster yn in gesin yn Sint

Nyk. Hjir bin yn totaal 4 bern werunder in twalling fan 5 jier. Sy ha beide in ferbale ûntwikkeling dyspraxie. Dit betsocht dat sy wol witte wat se wolle, mar net goed kin sisse. Sy ha dus moeite mei de spraakspieren. (tong, lippen, kaken en gesicht). Ik begeleid en understeun de twa jongens en untlest de mem foar de soarch fan harren 4 bern. Derneist doch ik noch opropwrotwurk fia in utsendburo yn de hulpferliening sa as by Talent en Tjallingahiem.

Wat dochst nest dyn wurk??

Yn myn frye tiid bin ik foaral besig mei foatbal. Ik spylje al fanof myn alvde by ONS Snits en dat doch ik noch altiid mei in soad wille. It begun allegear yn in famkesteam. Fanof myn 14e bin ik oerstapt nei de dames. Ik train 2 kear per wieke en op sneon in wedstriid. Omdat wy op landelyk nivo spylje moat wy soms in ein foart sa as Klarenbeek, Ede, Ommen, Harderwijk en en Wilnis. Hjir sit in protte tiid yn, mar dat ha ik der graach foar oer!! De sneon is de dei fan it foatbal!!

Wat sist aans foar SDS betsjutte en hoe sjochst dat foar dy??

Sinds oktober train ik de dames fan SDS 1 kear per wike op tiisdei. Op de webside fan SDS (www.vv-sds.nl) lêsde ik dat der famkes wiene dy sear enthousiast wiene en graach in team woene op rjochtsje bij SDS. Toen Marcel Frankena de trainingen die, ha ik in kear ta sjoen fanof de kant. Fanof ein Oktober ha ik dit oernommen en doch dit mar al te graach. Fanof Februari begjin we wer mei trainen en ik hoop dat tzt der mear famkes by binne kaam. Op die manier kin wy hopelik yn septimber mei in romme

seleksje oan de kompetitie begjinne!!
Spytig genoach kin ik der dan sneons
net by weaze omdat ik sels moat balje.

Hoe sist dit allegear oanpakke??

We ha gelokkig al genoach famkes om
ris in kear in oefenpot te spyljen. Dit
tsjin damesteams ut de 5e
klasse, sunder ferplichtingen. De
famkes wol dit hiel graach en op dizze
manier kin sy mooi ervaring op dwaan.
Op 1 nei, foatbalje sy dan allegear foar
it earst. Foar hun is it moeilik te
ontdekkjen wat foar type spylers sy
binne en hoe sy sich harren moat
opstelle foar de wedstriid. Mar
natuerlik wurd dit wol dudelyk nei
ferrin fan tiid. Ik hoopje dat troch it
spyljen fan oefenwedstriiden dat der
aardig publyk op of komt, sadat der
noch mear dames enthousiast wurde!!

Sjochst do in takomst by SDS dames?

Ik hoop it wol fansels. It soe hiel goed
wêze foar de klup. Oan't safier ha 14
famkes harren oanmelden as net
spyljend lid. 14 is noch net genoach
om yn septimber de kompetiesje yn te
gean. Dus...we kin der noch wol wat
dames by bruke!!! Oanmelde kin fia de
site as by Koos Plantinga.

Wat is dyn funksje binnen ONS?

In echte funksje ha ik net binnen it
team. Ik bin wol ien die der mar al te
graach foar soargje wol dat iedrien
sich op syn of har gemak fielt binnen
de klup/team. Ik bin der ek altiid foar
yn om in leuke aktiviteit te
organisearjen buten it foatbal om. Wy
spylje al jierren mei sa goed as it selde
team. Dit hat der foar soarge dat wy in
echt freundinne-klupke wurden bin. In
protte fan myn freundinnen spylje ek
yn ONS 1. Ik train sa no en dan it 3e
en fluitsje wol ris de E'tsjes as F'kes.

Akke, wat is dyn greutste prestaasje?

Oei, dit bin der meardere... Yn 2004 ha
wy de Amstel cup wun fan district
Noord. Yn dit selde jier ha wy
promoasje makke nei de lanlyke 1e
klasse. Noch yn dat selde jier ha wy de
mid-winter cup wun (tagelyk mei
SDS). Ek ha ik twa kear in wedstriid
spyle mei it regioteam tsjin de dames
fan Anderlecht en Wimbledon. Dizze
wedstriid wurd 1 kear yn it jier spyle.
2 trainers meitsje dan in seleksje fan de
15 beste spylsters fan it noarden. Dit is
fansels in ear as jo der foar utnedige
wurde.

Bist do better as Pieter?

Haha!! As ik ja sis, dan ha ik ruzje!! Nee
hjer, ik bin net better as Pieter. Ik tink
trouwens wol dat ik in better skot ha as
him. Ik fyn einliks net dat je mannen
en frouwen kin fergelykje yn it foatbal.
De dames kin it fysiek net opbringe
tsjin de manlju en kwa snelheid ek net.
Der bin genoach froulje mei in goede
techniek, snelheid, ynsicht e.d., mar it is
gewoan oars.

Hast ek noch in ideale alve foar us??

Nee, ik kin wol in ideale alve
opnimme, mar dat seit jimme net sa
folle. Ik soe graach spylje wolle mei de
famkes fan it regioteam. In mix fan
spylsters ut it noarden sa as Tolbert, Be
Quik, Dokkum, Grins, Kinckerbockers
en ONS fansels. It leafst spylje ik dan
centraal efteryn. Dit fyn ik in moaie
posysje. Hjir ha je in goed oersjoch en
kin jo it spul goed ferdiele.
Oan't safier Oan't wurd mei Akke
Rixt. Ik tink dat wy mei sa'n
